

■ Tekst 1

FUOTBAL IS GEWOAN FUOTBAL

- 1 1 Fuotbaljen, wat wie der eins oars? Wie der eat op 'e wrâld dat it fuotbaljen te boppe gie?
2 Tocht it net: stiif achter de goal sitte en de bal oansûzjen kommen sjen, it ûnferjitlike
3 droege, skuorjende lûd fan de bal-yn-it-net, even hingjen bliuwe en dan stadich en keninklik
4 delfalle. It fersleine gesicht fan de fijanlike keeper, dy't mei de holle foardel de altyd
5 fernederjende gong nei it net makke en de bal mei in sleauwe traap rjochting middelline
6 skopte. Ik hie lykwols altyd wat begrutsjen mei him, want ik wie sels ek keeper.
- 2 7 Ik stean oan de taap en begjin ynienen samar fûl tsjin in barkruk oan te skoppen.
8 'Wat dochst no?' seit de kastlein, in ras-Feyenoorder, ferheard.
9 'Ik tocht dat it in Ajacied wie.'
10 'Do hast ien fertsjinne.'
- 3 11 Fuotbal is oarloch, altiten. Doe't ik acht jier wie, krige ik al in feninige traap fan sa'n
12 smoarge Harrekyt fan wol fyftich jier. Allinnich om't ik 'hoi' rôp by in prachtgoal fan ús
13 Houtgehage! Ik wie der by doe't tsientûzen supporters yn it Oosterpark Fred Bischof fan
14 Telstar driigjend 'waar blijft het mes, waar blijft het mes' tasyteren. Jawis, systemen, dat is
15 folle sinisterder as razen.
- 4 16 Oanlieding foar it skriuwen fan dit learsume stikje binne trije boeken oer SC Heerenveen
17 en trainer Foppe de Haan: Foppe, Portret fan in bysûnder minske, fan Eppie Dam, SC
18 Heerenveen, Spylje mei tradysje, fan Wio Joustra en Yme Kuiper, en Het mooiste leven...,
19 Het seizoen 2000/2001 van SC Heerenveen, fan Kees 't Hart. Twa fan dy boeken (Foppe en
20 SC Heerenveen) binne skreaun yn de tiid dat SC Heerenveen tige súksesfol wie: it seizoen
21 1999/2000 doe't It Fean twadde waard yn de kompetysje en him rjochtstreeks pleatste foar
22 de Champions League! De beammen waakse dan fier de himel yn en it driuwt noflik op de
23 weagen fan it súkses.
- 5 24 Oeral is spul, mar by It Fean net. Alles ûnder kontrôle. Gjin lulke stikken fan frustrearre
25 spilers yn de Ljouwerter, gjin trainers en foarsitters dy't fjochtsjend oer de Dracht
26 rollebolje. In himd of in kaam yn de klaaikeramer slingerje litte: pats, 25 gûne boete. It
27 Hearrenfeanpublyk is sa beskaafd dat it yn 'e kuiergongen wol 'toanielpublyk' neamd
28 wurdt. Wy ha net in H-side! Doe't twa opslûpene jonges ris in pear krintepofkes op it fjild
29 smieten, wie de foarsitter kûgelsk oer dat fandalisme: 'Jo goaie net mei iten!'
- 6 30 Neat wurdt by SC Heerenveen oan it tafal oerlitten. De aldernijste snufkes op
31 psychologysk, fysiologysk, ossilloterapeutysk en oerbelêstingsgebiet, se wurde troch de
32 tûke technyske stêf fuortdaliks oppikt, opsûgd en yntegrearre. Alles stiet op papier: Foppe
33 en syn assistinten skriuwe har de fingers blau en sjogge mei djippe ferachting en ôfgriis nei
34 it geknoffel fan âldfrinzige relikwyën as Johan Cruyff en Willem van Hanegem, dy't tinke
35 it rêde te kinnen sûnder tabellen, krachthonken en herstellingsergonometers. Alles mei de
36 bal: wat in ferstân.
- 7 37 Dissipline, atletysk fermogen en teambuilding, dêr giet it hjoed de dei om. Yn
38 ynterviews set De Haan him gauris ôf tsjin de Braziliaanske stjer Romario: wol hat er trije
39 kear PSV kampioen makke en Brazilië oan 'e wrâldtitel holpen, mar wat in ramp foar de
40 discipline en de teambuilding! Sa'n ûndissiplinearre bongel komt der by It Fean fansels net
41 yn. Dat jildt ek foar bygelyks Pietro Maldini, Paul Scholes en Gabriel Batistuta, want
42 spilers dy't it shirt út de broek drage of lang hier ha, binne by It Fean net wolkom. In
43 hierbantsje is ek taboe. De spilers moatte der netsjes en fersoarge útsjen, in kwestje fan
44 fatsoen foar de sponsors oer, lykas jim witte sels ek manlju en froulju sûnder lek of brek.
- 8 45 Alles is hiel goed oer neitocht. Ek oer it spul sels: foar de net sa goed ynferden sis ik
46 der hjir noch even by dat it fuotbaljen in jier of tsien lyn opnij útfûn is troch de geniale
47 Louis van Gaal, âld-gymnastyklearaar te Avenhorn. Van Gaal makke de fuotballer
48 ûndergeskikt oan it systeem en net it systeem oan de fuotballer, lykas Alec Ferguson fan
49 Manchester United, in aardige Ingelske klup mei in wat antike spulopfetting.
- 9 50 Yn in protte ynterviews priizget Foppe de Haan syn goeroe de himel yn. De tsjinstanners
51 fan it systeem-Van Gaal neame it sjablonefuotbal: saai en foarspelber, inisjatyfdeadzjend.
52 Yn fuotballân is der op dit mêd al jierren in rjochtingstriid oan de gong: skoalmasters tsjin
53 praktyktrainers.

Eindexamen Fries havo 2003-I

- 10 54 Joustra en Kuiper wolle yn SC Heerenveen wat al te graach ferbannen lizze tusken it
55 gouden Hearrenfean fan Abe en it Hearrenfean fan no. Ik bin der - mar dat even sa sydlings-
56 wol wis fan dat in frijtinker as Abe him yn de twangbuis fan it systeem-De Haan absolút net
57 thús field hie, mar hawar. In aardich en ynformatyf boekje oer benammen pake en oerpake
58 syn tiid, mei foar de insider nijsgjirrige detailynformaasje.
- 11 59 Foppe fan Eppie Dam is yndie it boek dat alle oare ynterviews mei Foppe de Haan
60 oerstallich makket. It is in skerp portret, dat lêst as in trein en dat De Haan delset as in
61 yntelliginte learaar dy't oeral in goed trochtochte miening oer hat, bewoartele yn de Fryske
62 grûn, alles oergetten mei de wolbekende saus fan de Fryske beskieden selsfoldienens, dy't
63 allinnich foar net-Friezen oerdúdlik is.
- 12 64 Het mooiste leven... fan Kees 't Hart is it nijsgjirrichste boek fan de trije. 't Hart hat in
65 seizoen lang by It Hearrenfean meidraaid en dêr as in fuotbalanfabeet ferslach fan dien.
66 't Hart hat in fassinearjend byld jûn fan de deistige gong fan saken by in profesjonele
67 fuotbalklup: de einleaze ientoanichheid, alle dagen deselde saai oefeningen, it rekken en
68 strekken, wer it krachthonk yn, de flauwe fuotbalhumor om dochs de dei mar troch te
69 kommen, de hast matematyske taktyske strategyën dêr't fansels noait wat fan op 'e hispel
70 komt.
- 13 71 No't fierdere súksessen útbluwe en it nije fan de sympatike, gewoane, yntelliginte en
72 minsklike Foppe de Haan en it rustike SC Heerenveen der wol wat ôf is, begjint de krityk
73 de kop op te stekken. In sitaat út Voetbal International fan 25 july 2001: 'Met deze
74 spelersgroep zonder persoonlijkheden en met deze trainer die experimenteert op de
75 verkeerde momenten, heeft Heerenveen niets in Europa te zoeken.'
- 14 76 Lit ús de moderne tiid de rêch takeare en lit ús besykje it gers wer te rûken sa't it yn
77 Abes tiid noch rûkte, doe't in dûbeltsje noch in dûbeltsje wie. Lit ús alle krachthonken
78 slute, alle halters en gewichten yn de Tsjonger smite en alle pseudo-wittenskiplike
79 papierboel by de dyk sette. Fuotbal is gjin wittenskip: fuotbal is gewoan fuotbal.
- 15 80 Doe't ik by 't Hart de siden lange djiptrochberekkene taktyske strategyën fan Foppe de
81 Haan lies, tocht ik mei weemoed oan it taktysk kredo fan Jackie Charlton, âld-trainer fan
82 Ierlân, dy't allinne mar sei: 'There is the goal, lads. Enjoy the game!'

nei: André Bralts, Trotwaer, septimber 2001

■ Tekst 2

Twataligens en yntelliginsje

- 1 Twa moanne lyn hat de Fryske Akademy in ûndersyk publisearre dêr't út bliken docht dat de basisskoallearlingen yn Fryslân gemiddeld minder goed prestearje op rekkenjen en (Nederlânske) taal. De skoalbern yn Fryslân dogge it minder goed op beide fakgebieten as
- 5 Nederlânsk gemiddelde prestearje.
- 2 De oarsaken fan it achterbliuwen fan de learlingen yn Fryslân binne no noch net ûndersocht, dat komt yn de twadde faze fan it Akademy-ûndersyk. Opfallend is it dêrom dat ik guon ûnderwiisminsken al sizzen heard ha dat de twataligens fan de Fryske bern wol in rol spylje sil. My liket dat net bot wierskynlik, ek al omdat de Fryske achterstân by
- 10 rekkenjen grutter wie as by taal. Boppedat prate de Limburchske skoalbern thús hast like faak dialekt as de bern hjirre Frysk en hja dogge it hiel goed op de Cito-toetsen.
- 3 It idee dat twataligens skealike gefolgen foar de ûntwikkeling fan bern hat, is lang net nij. Yn Wales hold skoaldirekteur Saer yn 1923 in grut ûndersyk ûnder 1400 twa- en ientalige skoalbern, dêr't út bliken die dat ientalige learlingen trochinoar 10 punten heger
- 15 skoarden op IQ-testen as twatalige learlingen. Syn ûndersyk doogde lykwols fan gjin kanten. Saer fergelike nammentlik apels mei parren, want syn ientalige learlingen kamen út hegere sosjale miljeus as de twatalige.
- 4 In oantal lettere stúdzjes nei it ferbân tusken twataligens en yntelliginsje fûn gauris gjin inkeld IQ-ferkil tusken ien- en twataligen. En resintere stúdzjes litte just in kognityf
- 20 foardiel foar twataligen sjen. Hiel bekend is wat dat oangiet it ûndersyk yn de jierren santich fan de taalwittenskipper Ianco-Worrall.
- 5 Ianco-Worrall frege oan de bern om har ris foar te stellen dat se sels oare wurden jaan mochten oan bepaalde begripen. Om in foarbyld te jaan: 'Soest in ko dan "hûn" neame kinne en in hûn "ko"?' De twatalige bern hiene dêr gjin muoite mei. Dy seagen it wurd as in
- 25 min of mear tafallich etiket, dat krekt likegoed ynwikelber is foar in oare oantsjutting. Ientalige bern hiene der folle mear muoite mei om sa frij en abstrakt oer taal te tinken.
- 6 Sokke útkomsten steane net op harsels, want oan de hân fan soartgelikense stúdzjes binne oare ûndersikers yn ferskillende lannen ta de konklúzje kommen dat twataligen faak better binne yn kreatyf tinken. It modernere psycholinguistysk ûndersyk makket mei oare
- 30 wurden oannimlik dat twatalichheid it tinken fan de minske earder opskerpet as dat de twa talen it tinken yn 'e wei steane. Wat dat oangiet, soene je ferwachtsje dat Fryske skoalbern krekt as Limburchske leeftydgenoaten heger skoare as it lanlik gemiddelde. Dat dat net sa is, leit oan oare faktoaren.

nei: Jehannes Ytsma, Leeuwarder Courant, 2 maart 2001

It bedriuwslibben en it Frysk

In goed sakeman praat de taal fan syn klanten. Dat jildt foar grutte talen, lykas it Spaansk, it Ingelsk en it Frânsk, mar neffens de ekonoom Ab van Langevelde jildt it ek foar lytse talen lykas it Frysk. Van Langevelde promovearre oan 'e Ryksuniversiteit Grins op in proefskrift oer de yngewikkelde relaasje tusken taal en ekonomy yn 'e provinsje Fryslân.

Van Langevelde ûnderfrege foar syn proefskrift 24 managers fan Fryske bedriuwen. It die oer it algemien bliken dat sy net in protte problemen hiene mei de twataligens yn 'e provinsje. Krekt oarsom - it Frysk wie goed foar de klantebining en foar de sfear ûnder de wurknimmers yn it bedriuw. Wa't syn memmetaal brûke kin, fielt him noflikker, en wa't him noflikker fielt, wurket hurder en jout mear jild út. Boppedat jout de eigen taal in mooglikheid om jin fan 'e konkurrinsje te ûnderskieden.

Van Langevelde seach ek nei de nammen fan 'e bedriuwen. Troch in namme lykas Friesche Vlag te kiezen, kin in bedriuw syn belutsenheid mei in bepaalde regio sjen litte. In namme yn it Frysk stipet dy belutsenheid noch mear.

Ut it ûndersyk fan Van Langevelde komt nei foaren dat Fryske bedriuwen in relatyf sterke bân mei harren provinsje hawwe: 1,8 prosint hat in namme dêr't Fries of Fryslân/Friesland yn foarkomt. Allinne Seelân docht it better: dêr ferwiist 2 prosint fan 'e bedriuwnammen nei de namme fan 'e provinsje. Wat opfalt, is dat de nije provinsje Flevolân sawat itselde persintaazje as Fryslân behellet. Súd-Hollân skoart it leechst: mar 17 bedriuwen ferwurkje de provinsje-namme yn 'e namme fan harren bedriuw. Dat is minder as 0,05 prosint.

Foar syn ûndersyk nei bedriuwnammen yn de streektaal beheinde Van Langevelde him dêrnei ta de provinsjes Seelân en Fryslân. Yn 'e earste provinsje hat 0,8 prosint in namme yn 'e streektaal; yn 'e twadde is dat 2,1 prosint. It giet dêrby benammen om horekbedriuwen, kampings en detailhannel - bedriuwen dy't benammen saken dogge mei de pleatslike befolking, of der in oar belang by ha om sjen te litten dat sy har belutsen fiele by de eigen taal en kultuer.

Ut de ynterviews fan Van Langevelde mei de ûndernimmers docht bliken, dat dy it lulkst binne oer de ynfiering fan Frysktalige plaknammen. Ein jierren tachtich hie bygelyks de gemeente Tytsjerksteradiel syn offisjele namme al feroare, en noch hyltyd is der yn guon oare gemeenten diskussy oer 'e fraach oft de gemeente offisjele Frysktalige nammen krije moat.

In protte ûndernimmers fine de Fryske namme-jouwing ûnnedich betiizjend en djoer; boppedat binne sy bang dat dêrtroch de provinsje en de gemeente in

negatyf en separatistysk imago krije. Yn ûndernimmend Fryslân geane ferhalen rûn oer frachtweinsjauffeurs dy't it paad nei in bedriuw net fine koene, en út it ûndersyk fan Van Langevelde docht bliken dat twa ûndernimmers driigje te ferhúzjen as de gemeente dêr't harren bedriuwen yn steane, syn namme feroaret of brieven tenei yn it Frysk skriuwt. Van Langevelde naam ek ferhalen op oer kollega-ûndernimmers dy't út it westen fan it lân nei Fryslân kommen wiene en doe spesjaal gemeenten sûnder in Frysktalich nammebelied útsocht hiene.

Hast alle ûndernimmers dêr't Van Langevelde mei prate, soene it spitich fine dat it Frysk weiwaard en de mearderheid soe bygelyks ree wêze om byneed offertes yn it Frysk oan te bieden en de kosten fan taalkursussen foar har wurknimmers foar eigen rekken te nimmen.

Fan 'e 24 ûnderfrege managers binne mar twa poer tsjin op in offisjeel taalbelied foar it Frysk; dat binne frjemdernôch beiden Frysktaligen yn in gemeente mei Frysktalige plaknammen. Miskien, sa konkludearret Van Langevelde, is it foar in net-Frysktalige makliker as foar in Frysktalige om yn te sjen wat de wearde fan de Fryske eigenheid as marketing-elemint is: dat de populariteit fan Twarres, SC Heerenveen en it Thialfstadion ek de bedriuwen yn 'e regio stypje kin.

Alhoewol't it reedlik goed giet mei Fryslân, en de ûndernimmers net folle klachten oer it Frysk hawwe, nimt it tal Frysktaligen yn 'e provinsje noch hyltyd ôf. Neffens guon mjittingen wie yn 1967 noch sawat 71 prosint fan de ynwenners fan de provinsje Fryslân Frysktalich, en no is dat net mear as 55 prosint. Ek dy tebekgong hat neffens Van Langevelde mei de ekonomy fan dwaan.

It hawwe foar in part ekonomyske motiven west dêr't minsken troch ferhuzen fan de stêd nei it plattelân, mar benammen fan it plattelân nei de stêd. Beide bewegingen hawwe in negatyf effekt hân op it brûken fan it Frysk. Streektaalbrûkers fan it plattelân kamen yn de stêd telâne, dêr't folle minder Frysk praat wurdt. Sy brûke harren memmetaal dan hyltyd minder. Oarsom binne stedsminsken dy't har op it plattelân nei wenjen sette, net sa gau ree om har oan te passen: sy prate lykas sy wend binne 'gewoan' Nederlânsk.

Trochdat it Frysk - ek ekonomysk - hyltyd mear wurdearre wurdt, soe dat lêste wolris feroarje kinne. Minsken sille minder redenen sjen om it Frysk op te jaan, en Nederlânsktaligen soene wolris Frysk leare kinne. Al is it mar om de taal fan de klanten prate te kinnen.